

Under it bewâld fan tiid en

F2 2-3-13

Poëzy

troch Abe de Vries

Klapparaai / katimbatok' - dat binne de earste wurden fan it earste fers. *De netten, de sinen*, yn de nije dichtbondel *Ikader* fan Eeltsje Hettinga. Se betsjutte neat - of alles. It is muzyk. Der hie ek 'kaboem' stean kinnen. Of 'kedeng'. Sa iepenet de bondel mei in klaroenstjit, in paukeslach of in azemtocht fan in blazer troch it koper. Yn de poëzij dy't men hjir in rike bondel lang oantreft stiet net om 'e nocht it wurd sintraal. It wurd dat mei byld en muzyk (lûd, kadâns), earder as mei de orizjinaliteit fan in gedachte of in filosofyske betsjutting, de lêzer besiket te ferlieden en te betsjoenen.

Mei *Ikader* hat Hettinga (1955, Burchwert) syn fyfde bondel yn it ljocht jûn. In sterke bondel, net iens sasear

troch de krêft fan it inkelde gedicht, mar benammen troch de lang folhâlden ienheid fan toan, register en tematyk. Yn it ferdwinen is ivichheid te finen, yn it fuortgean leit, foar de keunstner, it werommen besletten. Wat moat men, ûnder it bewâld fan tiid en dea, en each yn each mei it grutte Neat, oars as meitsje, skeppe? Dichtsje?

Dy't seit hjir in sigentsje fan Postma's 'it hat west, it is; it stiet beskreaun' te bespeuren, hat wierskynlik gjin ûngelyk. Mar by Hettinga gjin idealisearring fan it ferline, gjin pine om de gouden oeren. Earder in pine om it stjerrensels, it weifallen, it haperjen: om de bline rjocht- of better, kromspraak fan de tiid, dy't oan oerslaan net docht en ús domwei dûm sitte lit mei it wanhopich trio wêrom, wërta en wërfoar.

Sa't wy fan Hettinga wend

binne, spilet behalve de muzyk ek de byldzjende keunst op 'e nij in grutte rol yn syn dichtsjen. Yn de noaten achteryn de bondel komt in fracht bekende nammen foarby en it boekje sels - ynbûn en prachtich foarmjûn - hat op it omkaft in keunstwurk fan Sjoerd de Vries. De titel *Ikader* ferbynt de ik-dichter sawol mei Bas Jan Ader (1942-1975), in konseptueel byldzjend keunstner dy't spoarleas ferdwûn op in syltocht oer de Atlantyske Oseaan, as mei Ikarus, de Gryksk-myologyske figuer dy't delstoarte om't er te heech fleach, te ticht by de sinne kaam en de waaks op syn wjokken raande.

Mar de flecht omheech, de flecht fan it wurd, wurdt oerskade troch de net ôflittende oanlûkingskrêft fan it wetter. Fan de fjouwer eleminten slacht, al least yn it earste skift fan dizze bondel, net de lucht

mar it wetter foar master op. Nei it programmatyske earste fers ('it wetteroargel slacht / it oargelwetter docht') set de dichter út ein by in petgat, dêr't syn boatsje leit, om him dêr al dalik beslûpe te litten 'fan âlde plakken en bylden', Parys en oare kant de Atlantyske Oseaan, de Hudson, New York. It wetter mei oargelje kinne, it stiet ek foar de iensumens, it skied, de ûndergong.

Anekdoate

Yn part II hat de anekdoate in gruttere rol taparte krigen by it ferarbeidzjen fan deselde motiven en tema's. In hichte-punt hjir is sûnder mis it leafdefers *Tinner as de wyn*, it type gedicht dat sa njonkelytsen Hettinga syn spesjalisme is: it sylt op 'e dea oan, mar de beswarring is muzikaal, taalboartlik, hippend, dûnsjend. 'Tusken twa deadebetinkings

Tinner as de wyn

Tusken twa deadebetinkings yn teart it libben him iepen, in liet, licht as de rûzjende rokken fan Rixt.

Under de taal stappe de tekens. Hear mar, tûken pratend yn de oasten fan hikken oan hôven. Sjoch mar, happes dravend yn de nerf fan it hout, har hoegen, kobaltblau, sûnder ho.

Bylden lûsterje, sjonge en dogge as snuorjend in filmprojektor yn in ferlitten stedsbioskoop.

Ik bin net ik, sis ik, mar opknipst yn tûzen en ien stikken. Tinner as de wyn klim ik yn de dingen, in rûtsjetikker mei plofklanken giel en bekhammers read, kaaaien foar it hing- en slútwurk fan it hielal.

Der is in bonkerak, dêr't ik ynmoedich alle nachten in klok yn set oant it kloppet as in hert.

Der is in seizoen dat my it wurd yn winkelsintra om wjukken giet en liivje yn alle stjerren.

In sirkus bin ik, mei down, hûnen, sebra's en tigers dy't mearkelicht stik foar stik har streken ha, in bern dat taal troch fjoerhoepels jaget, dûnsjendewei mei krúsbekjes, skelfinkjes, toarnehip en ljip.

Tusken twa deadebetinkings yn teart it libben him iepen, in liet, licht as de rûzjende rokken fan Rixt.

Tink net, in lui each sil it slagje en wrot himsels in paad troch hûzen fan fleis om ûnder de jûnssstjerren te hearren nei de lytse nachtmuzyk fan it skommelfamke dusy dusy tralala, wylst de jonge, de tinne tekener dy't eferstefoaren op 'e fyts it hielal útleit, har tasjongt: ik, ik bin de gouden rider.

dea

f

yn teart it libben him iepen, /
in liet, licht as de de rûzjende
rokken fan Rixt.' Tink derom,
foar dy lichtheid moat mei
wrotten en wramen en wrik-
ken betelle wurde, warskôget
de dichter in fers letter.

By Hettinga gjin idealisearring fan it ferline

De bondel einiget, foar myn
gefoel, spitigernôch krekt
wat bûten register, mei in tal
fersen dy't op it foarste plak
maatskippijkritysk wêze
wolle: *De Godsbaarch*, *In lân*, *in
myte* en *In man wint fan Johan-
nes de Apokalyps*, respektivelik
oer Flaamsk en Frysk nasjo-
nalisme en de massamoard
yn it Noarske Utoya. De fer-
bining mei it foargeande leit
benammen yn de masterlike
taalhantearring, net werklik
yn de tematyk.

Eeltsje Hettinga, as dichter,
is yn *Ikader* noch dúdliker wat
er yn earder wurk ek al wie:
in 'haunted poet', by wa't it
rynsk yn eigen wûnen struide
sâlt net te kearen it skeppen
op gong bringt. De ferneati-
ging en it kreëarjen, de dea
en wat de dichter dêr tsjinyn
makket: yn dizze yndrukwek-
kende bon-
del hâlde se
inoar lang yn
't lykwicht.

i *Ikader*
der. Eeltsje
Hettinga.
Gerben Rypma
Stifting,
17,50 euro

